

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

6 jannewaris 2016

It spoar fan de otter

Fryslân DOK op snein 17 jannewaris

De lêste otter yn Nederlân waard yn 1988 yn Twellingea deariden. Efkes like it der op dat it spoar fan de otter yn Fryslân dêrmei ek dearinne soe. Tal fan inisjativen om it, sa ta de ferbylding sprekken, bistje werom te krijen yn it Fryske wetterlân mislearren. Ek it otterpark, oprjochte om it grutte publyk by de problematyk te belûken, hie it dreech. Fryslân DOK folget it spoar fan de otter yn twa ferhaallinen: dy fan de weromkear fan de otter yn Fryslân en dy fan it suksesfol meitsjen fan in bistetún.

It weromkrijen fan de otter yn Fryslân is in dreech proses, mar se jouwe noch hieltyd net op; de otterpioniers. Ien fan harren is Tjibbe de Jongh, fjildman yn hert en nieren, âld-meiwurker fan it Fryske Gea en no mei pensjoen. Hy hat altyd in soad mei de otter op hân en siket noch hieltyd mei in 'wildlife'-kamera nei it bistje.

In oare otterpionier, Addy de Jongh, rjochte yn 1994 it otterpark Aqua Lutra op by Ljouwert. Nei in pear jier die bliken dat in park mei allinnich it ferhaal fan de otter gjin takomst hie. De kombinaasje natuer, edukaasje en kommersje wurke mar net sa't de inisjatyfnimmers hope hienen. Nei in oarname waard it otterpark yn 2003 omfoarme ta AquaZoo, in bistetún mei folle mear bisten. It sukses bleau lykwols út en ferline jier gie de bistetún sels fallyt. Mar nije eigener Libéma wol flink ynvestearje. Manager Martin van Hees sit fol plannen en ideeën: der komt noch mear fokus op wetter en der komme ûnder oaren iisbearen, krokodillen en nylhoarzen by. Der is ek noch hieltyd in soad omtinken foar de otter.

Ek al binne de belangen fan bistetúnmanagers en natuerminsken wolris tsjinstridich, wat harren bynt is de passy foar de otter. Yntusken is der wer in aardige populaasje wylde otters yn ús lân, nei't jierrenlang besocht is it bist op ferskate plakken út te setten. En hoewol't in grut tal deariden wurdt, liket dêrmei it spoar fan de Lutra weromfûn te wêzen.

Fryslân DOK: It spoar fan de otter

Snein 17 jannewaris om 17.00 oere en dêrnei fan 18.10 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 16 jannewaris om 15.30 oere en snein 17 jannewaris om 13.00 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

6 januari 2016

It spoar fan de otter

Fryslân DOK op zondag 17 januari

De laatste otter in Nederland werd in 1988 bij Uitwellingerga doodgereden. Even leek het er op dat het spoor van de otter in Fryslân daarmee ook zou doodlopen. Een aantal initiatieven om het, zo tot de verbeelding sprekende beestje, terug te krijgen in het Friese waterland mislukten. Ook het otterpark, opgericht om het grote publiek bij de problematiek te betrekken, had het moeilijk. Fryslân DOK volgt het spoor van de otter in twee verhaallijnen: die van de terugkeer van de otter in Fryslân en die van het succesvol maken van een dierentuin.

Het terugkrijgen van de otter in Fryslân is een lastig proces, maar ze geven nog steeds niet op; de otterpioniers. Eén van hen is Tjibbe de Jongh, veldman in hart en nieren, oud-medewerker van It Fryske Gea en nu gepensioneerd. Hij heeft altijd veel opgehad met de otter en zoekt nog steeds met een wildlife-camera naar het beestje.

Een andere otterpionier, Addy de Jongh, richtte in 1994 het otterpark Aqua Lutra op bij Leeuwarden. Na een paar jaar bleek dat een park met alleen het verhaal van de otter geen toekomst had. De combinatie natuur, educatie en commercie werkte maar niet zoals de initiatiefnemers hoopten. Na een overname werd het otterpark in 2003 omgevormd tot AquaZoo, een dierentuin met veel meer dieren. Het succes bleef echter uit en vorig jaar ging de dierentuin zelfs failliet. Maar nieuwe eigenaar Libéma wil flink investeren. Manager Martin van Hees zit vol plannen en ideeën: er komt nog meer focus op water en er komen onder andere ijsberen, krokodillen en nijlpaarden bij. Er is ook nog steeds veel aandacht voor de otter.

Ook al zijn de belangen van dierentuinmanagers en natuurmensen wel eens tegenstrijdig, wat hen bindt is de passie voor de otter. Intussen is er weer een aardige populatie wilde otters in ons land, nadat jarenlang geprobeerd is het dier op verschillende plekken uit te zetten. En hoewel een groot aantal wordt doodgereden, lijkt daarmee het spoor van de Lutra teruggevonden te zijn.

Fryslân DOK: It spoar fan de otter (Het spoor van de otter)

Zondag 17 januari om 17.00 uur en daarna vanaf 18.10 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 16 januari om 15.30 uur en zondag 17 januari om 13.00 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.